



SJOEN OP IN DISTÂNSJE

(A View from the bridge)

Tragedzje

door

ARTHUR MILLER

Fryske oersetting

Gurbe Dijkstra

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.
(Grimas Theatergrime verkoop)
Tel: 072 - 5 11 24 07
E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl
Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **SJOEN OP IN DISTÂNSJE - A VIEW FROM THE BRIDGE** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **ARTHUR MILLER** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

Copyright: © Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **11** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

PERSOANEN:

EDDY, havenarbeider

BEATRICE, syn frou

GINA, syn nicht

ALFIERI, advokaat

MARCO, neef fan Beatrice

RODOLPHO, broer fan Marco

MIKE, maat fan Eddy

LEO, maat fan Eddy

1 STE RESJERSJEUR

2 DE RESJERSJEUR

YLLEGALEN

DEKOR:

De belangrykste lokaasje is de wenkeamer fan Eddy, mei doarren nei de keuken en de sliepkeamers, de keuken en de sliepkeamer binne net yn 't sicht. De rest fan it âlde flatgebou: de gevel, de trap nei ûnderen en nei boppen, ek de strjitte is summier oanjûn. Fierder op it toaniel, in buro: it kantoar fan advokaat Alfieri, in telefoansel, mar dy wurdt pas yn de lêste sêne brûkt en kin nei eigen keuze sichtber of ûnsichtber wêze.

EARSTE BEDRIUW

(at de foarstelling begjint dogge Leo en Mike, twa havenarbeiders, in spultsje. Yn de fierte klinkt de misthoarn)

ALFIERI: *(komt op, de beide manlju knikke nei him at er by harren delrint. At er by syn buro is praat er tsjin de seal)* Seagen jo dat stive knikje? Dat is omdat ik advokaat bin. Yn dizze buert betsjutte in advokaat en in pastoar dat der stront oan de knikkert is. Advokaten, dat betsjut de wet, en op Sisilië, dêr't harren foarâlden weikommen, dêr is de wet noait populêr west. Ik bin ien dy't oeral spoaren út it ferline sjocht, miskien omdat ik yn Itaalje geboaren bin. Ik bin hjir hinne kommen doe't ik fiif en tweintich wie. Dat wie yn de tiid dat Al Capone it fak learde, hjir op 'e dyk, en dat Frankie Yale hjir mei in masinegewear dwerstroch sketten waard, hjir flakby, op de hoeke fan Union Street. O, der binne hjir hiel wat dy't mei rjocht deasketten binne mar net op de goede manier. Rjocht is hjir hiel belangryk. Mar dit is Brooklyn, net Sisilië. Dit is de buert achter Brooklyn Bridge, oan de kant fan de Oseaan. Hjir ferdwine skipsladingen út de hiele wrâld yn de net sêd te krijen bek fan New York. En we binne hjir tsjintwurdich hiel beskaafd, hiel Amerikaansk. We slute tsjintwurdich kompromissen en dat fyn ik ek better. Ik hoech gjin pistoal mear yn 't laad fan myn buro te hawwen. En myn praktyk is sa tagonklik as wat. Myn frou en myn freonen fine de buert en de minsken hjir ûnder peil. Want wa krij ik hjir as klanten. Havenarbeiders en harren froulju en harren heiten en pakes, mei skeafergoedingen, ûntrommingen en famyljerûzjes, de gewoane misêre fan earne minsken – en doch... om de safolle jier krije je wer es sa'n saak, dan sitte de partijen hjir en fertelle wat der mis is en fan it iene momint op it oare rûk ik it sâlte seewetter op myn bedompte kantoar en it stof waait fuort en dan tink ik: oait yn it Romeinske Ryk, ergens yn Kalibrië of op in rots ergens by Syracuse hat in advokaat stien dy't der totaal oars útseach en dy hearde presys itselde ferhaal oan en fielde him like machteleas as ik en seach allyk sa ta hoe't it needlot syn bloedrige loop naam. *(Eddy is opkommen en spilet even in spultsje mei de oare beiden. Hy is ek havenarbeider, sawat fjirtich jier)* Dizze kear hjitte hy Eddy Carbone, in havenarbeider dy't alle dokken kende fan Brooklyn Bridge ôf oant de lêste pier dêr't de oseaan begjint. *(Alfieri ôf)*

EDDY: *(rint de trep op)* De mazzel hin. *(Gina komt op út de keuken en sjocht troch it rût nei bûten)*

LEO: Hasto wurk moarn?

EDDY: Ja, we sitte noch in dei op dat skip. Leo, de mazzel. *(hy giet yn 'e hûs, Gina weaut nei Leo, dan nei Eddy)*

GINA: Hoi, Eddy.

EDDY: Soa, silst op oarlochspaad?

GINA: *(strykt oer de rok)* Hy is nij. Fynst 'm moai?

EDDY: Ja moai. Wat is der mei dyn hier?

GINA: Fynst it moai? Ik ha 't wat oars dien. *(se ropt nei de keuken)*
Bé, hy is thús!

EDDY: Prachtich. Draai dy es om, dan kin ik it fan achteren sjen. God, at jim mem dy sa sjen kinnen hie. Se hie har de eagen útsjoen.

GINA: Moai no?

EDDY: As soest **sa** fan in sjike skoalle komme. Wêr silst hinne?

GINA: At Bé der ek is dan moat ik dy wat fertelle. Gean es sitten.
(ropt wer) Kom no Bé!

EDDY: *(sit)* Wat is hjir geande?

GINA: Ik helje in pilske foar dy.

EDDY: Nee. Earst hjir komme en fertelle.

GINA: *(oerein)* Ik wol wachtsje oant Bé der ek is. *(giet op hurken neist him sitten)* Ried es hoe djoer at dy rok wie?

EDDY: Neffens my is hy te koart.

GINA: *(oerein)* Nee hear, net at ik stean.

EDDY: Mar do giest ek wol es sitten.

GINA: Dit is de moade. Sjoch, at ik no **sa** op 'e dyk rin. *(se docht it foar)*

EDDY: Atsto sa op 'e dyk rinst, krij **ik** de senuwen.

GINA: Wêrom?

EDDY: Ik wol net ferfelend dwaan, mar do rinst **wol** te kotsjedraaien

GINA: Kotsjedraaie?

EDDY: Do hoechst my neat wiis te meitsjen Giny, do bist oan 't kotsjedraaien. En ik hâld der ek hielendal net fan hoe't de manlju nei dy sjogge, mei dy hege hakjes fan dy, tik, tik, tik. Se klaaie dy mei de eagen út.

GINA: Sa sjogge se nei 'alle froulju'. Dat witst doch.

EDDY: Do bist net 'alle froulju'.

GINA: Wat moat ik **dan** dwaan? Moat ik soms...

EDDY: Wurd no mar net lilk.

GINA: Ja, ik wit net watst fan my wolst, hear.

EDDY: Sjoch Giny, ik ha jim mem op har stjerbêd in belofte dien. Ik bin ferantwurdlik foar dy. Do bist noch in bern, do snapst dy dingen noch net. Sa'tsto hjir bygelyks út it rût hingest te weauwen.

GINA: Ik weaude nei Leo!

EDDY: Atsto witte soest wat ik oer Leo wit, soesto net nei him weauwe.

GINA: Ik woe wol dat der ien wie dêr'tsto neat oer witst!

EDDY: Wês no even serieus. Do bist gjin lyts bern mear, do moatst in bytsje útsjen, net mei Jan en alleman oan pankoekje. *(ropt)* Hee Bé, wêr bliuwst no? *(tsjin Gina)* Helje har es, ik moat wat fertelle.

GINA: Wat dan?

EDDY: De neven binne oankommen.

GINA: Nee! *(fljocht nei de keuken)* Bé! Dyn neven!

BEATRICE: *(op, troch it geraas fan Gina hinne)* Wat?!

GINA: De neven binne oankommen.

BEATRICE: *(op, ferbjustere tsjin Eddy)* Wat seist my no? Wêr?

EDDY: Ik kaam fan 't wurk en doe kaam Tony Berelli op my ta en sei dat harren skip yn de North River leit.

BEATRICE: Is alles goed mei se?

EDDY: Hy hie noch net mei se praat, se binne noch oan board. Mar sa gau at se oan wâl komme pikt er se op. Neffens him kinne se hjir om in oere of tsien wêze.

BEATRICE: *(sit)* En se litte se doch wol fan board, net? Dat is doch regele?

EDDY: Jawol, se krije deselde papieren as de bemanning en kinne gewoan fan board. Meitsje dy no mar gjin soargen, Bé, it sit wol goed. Oer in pear oeren binne se hjir.

BEATRICE: En se soene pas nije wike tongersdei oankomme.

EDDY: Se sette se gewoan op in willekeurich skip. Wa wit wie dat it skip dêr't se earst op soene wol te link. Wêrom gûlst no?

BEATRICE: Ik... ik... ik kin 't noch net leauwe. En ik ha net iens in nij tafelskleed. En ik woe de muorren noch wytsje...

EDDY: 't Is hjir in paleis fergelike mei wat se wend binne. Lit dy muorren no mar. Do silst sjen hoe bliid at se binne. *(tsjin Gina)* Sis, keapje do even in tafelskleed. Hjir. *(hy taast yn de bûse)*

BEATRICE: Alle winkels binne ticht.

EDDY: Do soest de stoel ek noch opnij beklaaie?

BEATRICE: Ja, got, ik tocht dat se nije wike kamen. Ik woe de muorren noch dwaan, ik woe de flier noch dwaan.

EDDY: Miskien hat frou Dondero hjirboppe...

BEATRICE: *(oer it tafelskleed)* Nee, dat is noch minder as dat fan ús. *(ynienen)* Got, ik ha net iens iten foar se!

EDDY: Hee, kalm oan, kalm oan.

BEATRICE: Nee, ik wurd der gewoan senuwachtich fan. *(tsjin Gina)* Dan moatte we mar fisk ite tink.

EDDY: Do rêdst harren leven en dan makkest dy drok oer in tafelskleed. Wa wit ha se noch noait in tafelskleed sjoen.

BEATRICE: Ik meitsje my allinne mar drok oer dy. Datsto begjinst at se hjir binne, dat is alles.

EDDY: No sjoch, salang't sy witte wêr't se sliepe moatte...

BEATRICE: Dat ha ik se skreaun. Dat se op de flier sliepe moatte.

EDDY: Wêr't ik my drok oer meitsje is dat **ik** aansen tegearre mei dy oer de flier lis en **sy** op ús bêd, fanwege dat grutte hert fan dy.

BEATRICE: Okee..., en hâld der no mar oer op.

EDDY: Want der hoecht mar **ien** begrutlik famyljelid op te draven en ik lis al wer op de flier.

BEATRICE: Wannear hasto dan oer de flier lein?

EDDY: Doe't jim heit syn hûs ôfbaarnde, sliepte ik oer de flier. Of net soms?

BEATRICE: Ja. Mar syn hûs baarnde ôf!

EDDY: Twa wiken oanien?

BEATRICE: Goed, ik sis wol dat se hjir net bliuwe kinne. *(se giet nei de keuken)*

EDDY: Hee, wachtsje no even Bé. *(se bliuwt stean, hy giet nei har ta)* Ik wol allinnich net datst oer dy hinne rinne litst. Do bist fierste goed. Wêrom dochst sa oanbaarnd?

BEATRICE: Omdat **ik** it altyd dien ha!

EDDY: At elkenien him gewoan stilhâldt kin der neat gebeure. En se betelje kostjild.

BEATRICE: Dat ha ik se ek skreaun.

EDDY: Wêr seurst dan oer? It is godferdomme in eare, nee, ik tocht krekt doe't ik nei hûs rûn noch, stel dat ús heit net emigrearre wie en ik kaam dêr om fan de honger, lykas sy en ik hie famylje yn Amearika, dêr't ik in pear moanne hinne koe? Dy soene it in eare fine om my in dak boppe de holle te jaan.

BEATRICE: *(mei triennen yn de eagen, tsjin Gina)* Sjochst no wol? *(se nimt it gesicht fan Eddy yn beide hannen)* Mmmm, do bist in skat. Do silst sjen datst it dûbel en dwers werom krijst.

EDDY: Myn eigen bêd is mear as genôch.

BEATRICE: *(tsjin Gina)* Setsto de tafel oan?

GINA: We ha him noch net fan my ferteld.

BEATRICE: Lit 'm no earst mar even, dan fertelst it dêrnei. Toe no mar. *(se wurket Gina de doar út)*

EDDY: *(giet by de tafel sitten)* Wat is der eins oan de hân? Wêr sil se hinne?

BEATRICE: Nergens hinne. Se hat hiel goed nijs. Eddy, ik wol datst bliid bist.

EDDY: Wat is der dan? (*Gina op mei boarden en bestek*)

BEATRICE: Se hat in baan. (*stilte. Eddy sjocht nei Gina, dêrnei nei Beatrice*)

EDDY: In baan? Se hat har diploma noch net iens.

GINA: Eddy, it is hast net te leauwen.

EDDY: Nee, nee, helje do dyn diploma earst mar. In baan. Wat is dat foar in baan? Hoe komst dêr samar ynienen oan?

GINA: Atst no even harkest. It is fantastysk.

EDDY: It is hielendal net fantastysk. Atst gjin papierke yn de bûse hast, berikst hielendal neat. In baan! Hoe komst der by in baan oan te nimmen sûnder it my earst te freegjen?

BEATRICE: Se freget it no, se hat noch neat oannommen.

GINA: Harkje no even. Fanmoarn kaam ik op skoalle en de direkteur ropt my út de klasse. Ja? Op syn kantoar.

EDDY: En?

GINA: Dus ik kom op syn kantoar en hy seit dat hy yn myn dossier sjoen hat. En dat der in kantoar is dat no daliks in famke brûke kin. Net as sekretaresse, earst as typiste, mar dan wurd je al rillegau sekretaresse. En doe sei er, do bist de bêste fan de hiele klasse...

BEATRICE: Hearst it no?

EDDY: En? Dat is tafallich sa.

GINA: Dus hy seit dat ik de bêste bin en at ik wol mei ik dy baan ha en dan mei ik ek noch eksamen dwaan ein dit jier en myn diploma helje. Dus ik win gewoan in hiel jier!

EDDY: Wat is dat foar in baan? En wêr?

GINA: By in grut leadjittersbedriuw achter Nostrand Avenue.

EDDY: Wêr krekt?

GINA: Yn de buert fan de marinewerf.

BEATRICE: Fyftich dollar wyks, Eddy.

EDDY: (*tsjin Gina, ferrast*) Fyftich?

GINA: Echt wier. (*stilte*)

EDDY: En hoe komt it dan mei skoalle?

GINA: Ik lear neat nijs mear, Eddy. Ik moat allinne noch tempo krije.

BEATRICE: De praktyk is altyd de bêste learskoalle.

EDDY: Mar dit is net wat ik woe.

GINA: Wêrom net. It is in hiele grutte saak...

EDDY: Yn in rotbuert.

GINA: It is twahûndert meter fan it metrostasjon.

EDDY: By de marinewerf kin der yn twahûndert meter fan alles gebeure. En in leadjittersbedriuw. Dat is like slim as de haven. As havenarbeiders.

BEATRICE: Ja, mar se sit ommers op kantoar?

EDDY: Se sit wol op kantoar, mar 't is net wat ik yn de holle hie.

BEATRICE: Ien kear sil se doch oan 't wurk moatte.

GINA: En ik krij fyftich dollar wyks, Eddy.

EDDY: Ha ik dy soms om dat jild frege? No moatst es goed harkje, ik ha dy al dy tiid ûnderhouden, dat lytse skoftsje kin der ek noch wol by. Doch my de wille sis. Ik wol datst mei in oar slach folk te meitsjen krijst. Ik wol datst op in **fatsoenlik** kantoar komst. In advokatekantoar, ergens yn sa'n moai gebou yn New York. Atsto hegerop wolst, dan moatst it ek hegerop sykje en net yn krekt sa'n achterbuert as ditte. *(stilte. Gina slacht de eagen foardel)*

BEATRICE: Helje do it iten mar. *(Gina ôf)* Tink der noch es rêstich oer nei, Eddy. Ja? Se wol it sa graach. It is net samar in saak. It is echt in grutte saak. Se kin dêr wol sekretaresse wurde. Se is útkeazen út de hiele klasse. *(hy swijt)* Wêr sitst no op te brieden? Se kin bêst op harsels passe. Se komt út de metro en twa minuten letter sit se op kantoar.

EDDY: Ik ken dy buert en it is neat dêre.

BEATRICE: No, at har hjir yn de buert neat oerkomt, dan oerkomt har ergens oars ek neat. Do silst der doch oan wenne moatte dat it gjin lyts bern mear is. Sis mar dat it mei. Hearst my? *(se wurdt lilik)* Ik begryp dat net fan dy, se is santjin, wolst har hjir soms opslute?

EDDY: *(misledige)* Wat is dat no foar in stomme opmerking?

BEATRICE: Ik bedoel, wannear hâldt dit no einlings es op? Earst moat se de skoalle ôfmeitsje, dus makke se de skoalle ôf. Doe moast se typen leare, dus learde se typen. Wat moatte we hjirnei noch, Eddy, wier, soms snap ik hielendal neat fan dy, se is útkeazen út de hiele klasse. *(Gina komt op mei it iten, dat set se swijend op tafel. Eddy sjocht even nei har gesicht en moat dan laitsje)*

EDDY: Do bist krekt in madonna, mei it hier sa. *(se sjocht him net oan, mar is dwaande mei opskeppen)* Do wolst dy baan graach ha, net madonna?

GINA: *(sacht)* Ja.

EDDY: Nim 'm dan mar. *(se sjocht him oan, fljocht nei him ta en fljocht him dan om de hals)* Hee, hee, kalm oan. *(hy hâldt har gesicht fêst om har oan te sjen)* Wêrom gûlst no? *(hy slokt syn eigen emoasjes troch)*

GINA: Do bist gewoan... *(entûsjast)* Fan myn earste lean keapje ik allegear nije boarden! *(se laitsje)* Echt wier. Ik knap it hiele hûs op! Ik keapje in kleed foar op de flier.!

EDDY: En dêrnei giest op dysels.

GINA: O nee.

EDDY: Wêrom net? Sa is it leven. En dan komst earst alle sneinen op besite, dan ien kear yn de moanne, en op 't lêst allinne noch mei Kryst en âld en nij.

GINA: Nee, echt net!

EDDY: Ien ding moatst goed ûnthâlde, do moatst gjinien fertrouwe. Dyn muoike is in bêst mins, mar se is te goed, dat is net in goed foarbyld foar dy. Leau my.

BEATRICE: Bliuw do no mar gewoan sa'tst bist, Giny, en harkje net nei him.

EDDY: Wat witsto dêrfan? Do hast dyn hiele leven thússitten. Do hast yn dyn hiele leven noch gjin dei oan 't wurk west. De measte minsken binne bisten, at se net útsjocht frette se har mei hûd en hier op. *(hy slacht in krús, de froulju ek en dan begjinne se te iten)*

GINA: It alderearste dat ik keapje is in flierkleed, no, Bé?

BEATRICE: Do dochst mar. Ik rûk de hiele dei al kofje. Hast hjoed kofje lost?

EDDY: Ja, in Brazyljaan.

GINA: Ik rûk it ek. De hiele buert rûkte der nei.

EDDY: Sokke dagen wurkest mei plezier yn de haven. Man, ik woe wol fjouwer en tweintich oeren deis kofje losse. Je stappe it rom yn en it is krekt as stean je tusken de blommen. Moarn drukke we in baal achteroer, dan nim ik wat mei.

BEATRICE: Tinkst der wol om dat der gjin spinnen yn sitte? Ik warskôgje dy. Got, at ik noch oan dy iene spin tink doe't dy út de sek krûpte. Ik tocht dat ik it bestoar.

EDDY: Dat wie noch neat. Moatst sjen wat der soms út de bananen komt.

BEATRICE: Hâld op!

EDDY: Ik ha spinnen sjoen dy riidst mei Chevrolet noch net plat.

BEATRICE: Sa is 't wol genôch net?

EDDY: *(sjocht op it horloazje)* Wa begjint der hjir oer spinnen?

BEATRICE: Ik sis al neat mear. Atst der mar foar soargest dat se hjir net binnen komme. Hoe let is 't?

EDDY: Kertier oer njoggenen. *(se ite swijend fierder)*

GINA: Hoe let soe Tony hjir mei de neven wêze? Tsien oere?

EDDY: Ja, sokssawat.

GINA: Hee Eddy, at der no ien freget oft se hjir wenje? *(se sjocht dat er net bliid mei dizze fraach is, dan yn de ferdigening)* Dat soe doch kinne? Dat se dat freegje?

EDDY: Begjinne we no wer fan foaren ôf oan?

GINA: Ik bedoel, se sjogge se doch yn- en útrinnen?

EDDY: Elkenien mei sjen dat se yn- en útrinne, salang atsto se mar net yn- en útrinnen sjochst. En dat jildt ek foar dy, Bé. Do sjochst neat en do hearst neat en do witst fan neat.

BEATRICE: Ik snap it wier wol.


EDDY: Do snapst der hielendal neat fan. Do tinkst noch altyd datst wol in bytsje stean kinst te kletsen tsjin dy en dy. No, ik sil it dy noch ien kear hiel dúdlik sizze, want ik wurd deasiik fan dat gedoch fan jim. It makket neat út at der hjir ien yn komt, al lizze se hjir op de flier te sliepen, salang at jim mar noait sizze wa't it binne of wat se hjir dogge.

BEATRICE: Ja, mar ús mem komt it fansels te witten.

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 info@toneeluitgeverijvink.nl

 072 5112407



“Samenspelen” is ons motto